

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	<b>Poepjes</b>  Underwerp: <b>Yngripen Autoriteit Consument en Markt by breedbân ynternet projekten</b>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Oer de mail hawwe de Steateleden fan Fryslân in berjocht krigen dat by it projekt om Langedike oan te sluten op breedbân ynternet 'mysterieus' yngrepen is troch de 'Autoriteit Consument en Markt'. De provinsje Fryslân hat der (mei) foar soarge dat Langedike foarsjoen is fan rap en feilich ynternet en begjin febrewaris is breedbân oant de wenningen ta oanlein. No hat lykwols de 'Autoriteit Consument en Markt' bepaald dat der sprake is fan in monopoolje-situaasje fan KPN en dat ek oare oandjers in oanbod dwaan moatte kinne. Alhoewol't it netwurk sels yn hannen is fan de eigen doarpskoöperaasje fan Langedike is de merksituaasje kenlik dochs sa dat it doarp net ûntkomme kin oan in moannenlang útstel. Men ferwachtet dat men no pas yn maaie of juny profitearje kin fan rap ynternet. Dat omdat konkurrinten fan KPN (oare oandjers) seis wiken oant 3 moanne de tiid hawwe moatte om ek in oanbod te dwaan.</p> <p>Omdat sa'n soarte fan yngripen neffens de wurkgroep 'Snel Internet Langedijke' grif ek op oare plakken spylje sil, freget de FNP-fraksje him of hoe't de provinsje Fryslân it sa regelje kin dat dat net nedich is. Mei oare wurden, dat minsken daliks nei de oanlis en oansluting profitearje kinne fan fluch ynternet.</p> <p>Dêrom hat de fraksje in tal fragen oan it Kolleezje fan DS fan Fryslân:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Is it Kolleezje op de hichte fan it yngripen troch de 'Autoriteit Consument en Markt' by it projekt breedbân ynternet yn Langedike? Binne it Kolleezje al mear gefallen bekend dat dêr sprake fan is? Binne jim it mei de FNP iens dat in ekstra fertraging fan mooglik wol 3 of 4 moannen net winsklik is?</li><li>2. Hat it Kolleezje sa'n yngripen troch de 'Autoriteit consument en markt' foarsjoen? Graach in taljochting op dizze ûntwikkelings.</li><li>3. Wat kin de provinsje Fryslân dwaan om yn ferlykbere gefallen op oare plakken yn Fryslân dêr't rap ynternet oanlein wurdt dit te foarkommen? Bygelyks in petear mei de Autoriteit om ta in ûntheffing of in generike oplossing te kommen?</li></ol>

Yntsinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sybren Posthumus
--------------	--

Datum	9 maart 2015
-------	--------------